
Geart Tigchelaar

Swervende gedichten

Sytse Jansma debutearre as dichter mei de bondel *wa't tate seit moat ek whiskey sizze* yn 2008. No komt de Harnzer dichter, dosint en filmmakker mei *as nomaden yn tinten teplak / als nomaden in tenten terecht* as twatalige bondel. Yn dy bondel wol er de grinzen oer en nije wrâlden ûntdekke, sa docht de achterflap ús te witten. 'Gedichten dy't as nomaden omswerwe wolle.'

Dat de dichter yn de bondel oer de grinzen giet, is dúdlik mei't der in soad ferwizingen yn stean nei bûtenlânske eleminten of plaknammen. Dat set fuort al yn mei it earste skift 'oprop oan alle friezen' dat tagelyk in trijelûk is. Fryslân moat as in 'twaslachtich berlyn' ferskine, yn it twadde gedicht is de dichter sels Berlyn en yn it tredde gedicht is it gjin oprop mear fanwegen de rigel: 'ik dompelje alle friezen ûnder yn / prusysk blau' (s. 16).

37

Dat ynternasjonale giet fierder mei gedichten as 'global perception' wêryn't bûtenlânske dingen of persoanen ferbûn wurde mei gewoane Nederlânske/Fryske lânskips- en stedseleminten. In fragmint:

sa't de wyn oer it terras giet
pepsireklamedûnskes fan plezier

sa't it wetter troch it soal skaaft
as waffenballades fan wagner
(s. 22)

Mar ek de dûanier moat útskeakele wurde. Dy wurdt foarsteld as fûgel dy't men oan 'e râne fan it bosk wachtsje litte moat en syn lietfluitsje moat. Moai ferwurde is hoe't men 'm op de lije side oankrûpe moat, mar as er meiwurkje wol kin men jins 'anty antarktika' ferjitte en oer de râne fan it bosk stappe, oftewol de grins oer. De dúdlikste ferbining fan Fryslân en de wrâld (Kalma's wurden helle Jansma sels oan yn it earste gedicht fan 'e bondel) komt yn it gedicht 'arabysk ús heitelân' nei foaren 'arabysk is ús heitelân hâld in klute

wâldgrûn' (s. 46). En gean sa mar troch. Boere-eleminten of boerelânskippen tsjin bûtenlânske saken oer. Op dy wize kriget men troch de bondel hinne moaie tsjinstellings, of leaver sein ferbinings. Mei oare wurden binne wy as minsken yn it algemien en de gedichten yn it bysûnder – of soe it krekt oarsom wêze? – oeral op dizze wrâld teplak? De wrâld is lytser as ea en de grinzen wurde hieltiten dizeniger. Wy binne op 'e wrâld útfanhûs dêr't ik mei bedoel dat it makliker as oait is oer de wrâld te swalkjen en dingen te ûntdekken, krekt as de gedichten fan Jansma. It is betiden krekt as wol Jansma ús der op útstjoere, oantrune om ris út jins eigen *comfort zone* te stappen. Twa strofen út 'veto vitruvius' as foarbyld:

ferlit dit lichem as beslisser
sko dyn tromboanes fan 'e romp
matriks dyn lichem fan blinens

[...]

do ecce homo
stap út dyn pilatus pas
set dyn nâle op polshichte
(s. 26)

38

Under it lêzen, frege ik my ôf wêrom't de dichter net oer syn eigen havenstedsje, Harns, skriuwt. Lykwols komt Harns yn it ien nei lêste gedicht foar mei de titel 'seesicht by harns'. Dan hat de lêzer by wize fan sprekken mei Jansma troch de bondel hinne al de hiele wrâld oer west, it is dêrom iroanysk dat de dichter it dan efkes net mear wit. '[...] o seesicht / hoe kin ik dy fêstlizze yn de hurde kadasters fan taal' (s. 90). Komt it te tichtby? Is it al te gewoan foar him of is krekt syn thús te bysûnder?

It liket as siket Jansma it net allinnich yn it eksoatyske, mar ek yn de klank. Is dat wat er bedoelt mei it 'stjoerende karakter fan taal' dat er bleatlizze wol? De bondel tilt nammentlik op fan 'e begjinrym en middenrym.

lânskipsdynastyen

hoera de holle fan 'e keizer dobberet op seesike spjegels
tusken de aristokratyske stadige rotsblokken lit se mar

rôlje troch syn kûme kreakjend slaad lit de fjoerfretters
fan pracht en preal swevel suchtsje troch syn blanke sauna

lit him lytse frosken krôkje út syn termetizeboel
fan sliepende elite is ús fryske lânskipsdynasty allyk

in smûk skaadzjend stobbewylch as muonts by de sleat
hoera de sneinsfytser lâns it hubba e bubbaboulân

jou him wat sines is in slûke ko grôtfolle
berchbuken en in net te sêdzjen haaibaai

(s. 44)

It klinkt as in tyt en smyt in wrâld oan bylden op. Safolle dat it men op 't lêst der fan dûzelet. Tink oan 'anty antartika', 'prismamilitêren', 'roppige groep-pehokkelingen', 'swalkjend seefee' en folle net genôch. Stik foar stik moaie neologismen. Stik foar stik roppe se in oare wrâld ta libben. Of is it deselde wrâld, mar dan yn oare wurden en bylden? Ut en troch wurdt it wat tefolle – benammen it skift 'landscapes' – en ferliest men net allinnich de konsintraasje, mar ek grip op wat de dichter no eins sizze wol. Of wol er ús allinnich mar trakrearje op bylden? Hinget Jansma dêr o sa oan, ek sjoen nei it feit dat er filmmakker is en bylden dêrtroch wichtich foar him binne. Hoe dan ek, moai wurdt dat ôfwiksele mei in mear eroatysk gedicht as 'as skippen sylden myn hannen' mei in prachtrigel: 'in stoarm yn it ljochtblau fan har ieren', mar ek in mear engagjearre gedicht as 'minne slaven', it yntegere 'op 'e souder fan it each' en it djipper geande 'elk wurd hechtet as in houlik' mei de moaie alles-sizzende strofe:

hoe hecht is it wurd
as de frede halo is
as de freding stekt

(s. 34)

Lykas sein is *as nomaden yn tinten teplak / als nomaden in tenten terecht* in twa-talige bondel. Sjoen it feit dat der gauris Fryslân of it adjektyf Frysk brûkt wurdt, docht fermoeden dat Jansma út it Frysk wei dichten hat. Bygelyks 'foar de barabbassen fan fryslân / draach ik dizze taal'. Ek dat gauris fanwegen begjinrym en/of binnenrym it Frysk better liket te wurkjen, befêstiget dat fermoeden. Yn it oanhelle gedicht 'lânskipsdynastyen' kamen wy al 'smûk skaadzjend' tsjin.

Mar ek mear ynhâldlik hat it Frysk in streekje foar. Ferlykje 'in boskje reade bommen' en 'een bosje rode bommen' dêr't by it Frysk allinnich mar in 'l' taheakke hoegd te wurden. Yn it gedicht 'de ballen fan de bolle' (wat al moaier alliterearret as 'de ballen van de stier') stiet: 'de pystige simmers fan

de bolle yn 'e greide' dêr't pystich mear betsjuttingslagen hat as it Nederlânske 'wellustige'. En as lêste foarbyld it gedicht 'sûnder mis gjin merke' dêr't 'sûnder mis' in Fryske útdrukking is en gjin Nederlânske. Mar it Nederlânsk ('zonder mis geen kermis') rimet dan wer.

Mar somtiden hat it Nederlânsk in streekje foar. Sa komt yn it gedicht 'global perception' 'duintoppen druist' en 'dúntoppen giselet' foar. En 'laat hem kleine kikkers boeren uit zijn warrige darmenboel' stiet tagelyk as moai kontrast tsjin 'aristocratisch' en 'elite' yn dat gedicht. De Fryske ferzje hat foar it tiidwurd 'boeren' nammentlik 'krôkje' wat dy dûbele betsjuttingslaach mist.

De gedichten binne frijwat letterlik oerset (?), mar inkeld fynt men in diskrepânsje: 'akrobatysk stroffelet in foale moarn yn it noarden' dêr't de Nederlânske ferzje 'zorgeloze' foar 'foale' hat, wat behoarlik kwa betsjutting ôfwykt. Soe it sa wêze dat de dichter sa oan binnenrym hechtet dat er dat op dy wize realisearje wol? Sa ek it ferskil yn it lêste gedicht fan 'e bondel 'op ien mêst kinst gjin seeën oer' dêr't it Nederlânsk trouwens it mearsizzende 'op één mast overbrug je geen zeeën' foar yn 't plak hat. Yn it Nederlânsk stiet der 'beschroomd / beschamend' dêr't it Frysk 'minmânsk / skamsum' hat. Dat is dus tagelyk in bewiis dat Jansma in grutte wearde hechtet oan 'e klank.

Sa falt der dus genôch te bereizgjen troch de nijste bondel fan Sytse Jansma. En doch dat net as in trochsneed toerist en flean oeral oerflakkich en fluch trochhinne, mar doch it as in wiere swalker en nim de tiid om alle fasetten yn jin op te nimmen. Set by need de tinte op en bliuw in nachtsje oer by it gedicht dat jo fassinearret. Wannear't men de oare deis de rits iependocht en nei bûten stapt, sjocht men wer hiele oare dingen dy't jin earder net opfallen wienen.

Sytse Jansma

as nomaden yn tinten teplak / als nomaden in tenten terecht

Afûk, Ljouwert 2015

ISBN: 9789492176004

Ferkeappriis: € 17,50